

JIERFERSLACHGEGEVENS OER IT KALINDERJIER 2019 FAN IT

Wurkgroep: Maritime Skiednis.....

DOELSTELLING:

BESTJOER

Foarsitter	Rob Leemans
Skriuwer	Jelle Jan Koopmans
Leden	47
Binne der yn 2019 bestjoersleden ôftreden?	Nee
Sa ja, wa en yn hokker funksje?	
Binne der yn 2019 nije bestjoers-leden beneamd?	Nee
Sa ja, wa en yn hokker funksje?	
Wienen der op 31 desimber 2019 fakatueres yn it bestjoer? Sa ja, hokker?	Nee

LEDEN Wurkferbân / Wurkgroep

Tal leden op 1 jannewaris 2019	48
Tal leden op 31 desimber 2019	47
Talittingsbetinksten	

AKTIVITEITEN

Lêzingen / gearkomsten		
Datum	1.	26 oktober 2019
Sprekker	Anne-Goaitske Breteler	
Titel fan de lêzing	De Traanjagers	
Opkomst (tal leden en oare gasten)	25	
Gearfetting (maksimaal 15 regels)		
<p>Anne Goaitske Breteler is freelance sjoernaliste en meiwurker fan it Tropenmuseum. As skoalfamke wurke sy as bybaantsje efter de bar yn kafee 'de Bunte Bok' yn it doarpke Lioessens. Yn dit âlde walfiskfarders kafee kaam Anne-Goaitske yn oanrekking mei de ferhalen fan mannen dy mei west binne op de walfiskfeart. Sy makke har profylwurkstik oer dit ûnderwerp en wurke dit wilens har stúdzje kulturele antropology fierder út. Dit resultearre ta beslút yn it boek 'de traanjagers' mei ynterviews fan nei-oarlochske walfiskfarders. De Nederlânske walfiskfeart begûn om 1614 en duorre mei tuskenskoften oant 1873. Der waard yn dizze perioade fiske op walfisken yn de Noardlike lisse om Grienlân en Spitsbergen. De wichtichste produkten wiene traan foar lampoalje en sjippe en balein foar korsetten en hoeprokken. Ta beslút waarden de ynvestearringen te heech en de opbringsten te lyts. De ôfnimmende walfiskstân spile dêrby in grutte rol. Nei de Twadde Wrâldkriich waard de walfiskfeart lykwols troch in tekoart oan oalje en fetten wer opstart. Sa wiene walfiskfetten in goede basis foar margarine. It waard net brûkt foar levertraan lykas troch mannichien</p>		

oannommen. Yn 1946 waard de Nederlandsche Maatskippij foar de Walvisvaart NMW oprjochte. As haadskip tsjinne de Willem Barentsz 1, in tanker dy waard opboud oant in driuwende traansiderij. Yn 1964 stoppe de Nederlânske Walvisvaart. Redens dêrfoar wiene dat de walfiskstân ek yn de Súdlike Iissee tebek run, margarine ek makke wurde koe mei plantaardige oalje en de hege kosten net langer werom fertsjinne wurde koene wurde. De NMW hat Yn totaal 18 ekspedysjes útstjoerd wêrop 27.714 walfisken fongen binne.		
Datum	2.	26 oktober 2019
Sprekker	Jos Pieters	
Titel fan de lêzing	Mark Glotzbach	
Opkomst (tal leden en oare gasten)	25	
Gearfetting (maksimaal 15 regels)		
<p>Mark Glotzbach wie selsstannich sjoernalist en fotograaf, dy freelance allegear reizen oer de wrâld makke. Fan it eilân Jan Mayen (yn de Noardlike iJsee) oant yn Guatamala, Argentinië, Patagonië en Súd-Afrika. Hy fear as skriuwer / administrateur mei op de lêste tocht fan de Willem Barentsz 2. Dit skip waard tusken 1955 en 1964 troch de NMW as haadskip brûkt. It wie in enoarm skip fan 210 meter lang en 30 meter breed. Fan dizze reis makke hy in ferslach mei prachtige foto's. Mark Glotzbach soe ús op dizze gearkomste meinimme yn de ûnderfiningen fan dizze reis en de troch him makke foto's. Spitigernôch is dhr. Glotzbach in tal wiken foar de gearkomste ferstoarn. As alternatyf naam syn freon Jos Piterus ús mei troch it fotoverslach mei foto's fan it skip, de walfisken, de iisbergen, it wurk oan board en de jacht.</p>		
Datum	3.	17 maart 2019
Sprekker	Jelle Jan Koopmans, Jan de Vries, Hanno Brand en Ties Elzenga	
Titel fan de lêzing	Presintaasje Skipsboek Hempenius	
Opkomst (tal leden en oare gasten)	60	
Gearfetting (maksimaal 15 regels)		
<p>Op snein 17 maart waard yn Museum Hylpen de digitale ferzje fan it skipsboek Hempenius presintearre. Sprekkers wiene Jelle Jan Koopmans, Jan de Vries, prof. dr. Hanno Brand en mr. Ties Elzinga.</p> <p>Frijwilligers fan us Wurkgroep Maritime Skiednis hawwe de ôfrûne jierren hurd wurke oan in transkripsje fan it unike skipsboek, dat in skat oan ynformaasje befettet oer it maritime ferline fan de Fryske havenstêd. Stedssekretaris Johannes Hempenius hold fan 1715 oant en mei 1718 in administraasje by fan de troch him útjûn skipspapieren. Hy die dit yn it gebou wêr tsjintwurdich Museum Hylpen is fêstige; in jûn dat de presintaasje ekstra spesjaal makke. It skipsboek bestiet út meunsterrollen wêryn it skip en de bemanning fan de fluit- en smakskippen beskreaun wurde. Ut dizze ynformaasje is op te meitsjen, mei hokker skippen farre waard, wa de bemanning wie en wat foar funksjes sy hiene en hokker Bestimmungen yn dizze perioade oandien waarden.</p> <p>Njonken meunsterrollen bestiet it skipsboek út rederssedullen. Dizze rederssedullen jouwe ús wichtige en unike ynformaasje oer de Frysk- Hollânske partenrederij. ûnder de reders fan Hylper skippen wiene tige rike en nijsgjirrige figueren lykas: Joachim Rendorp, Cornelis</p>		

Calcoen, Andrys Piters fan Starum. Willem Bredero en Pieter Six.		
Sympoasia		
Datum en lokaasje	1.	19 jannewaris 2019
Titel	Symposium Tradisjonele Fiskerij	
Doelstelling	Belangstelling fêsthâlde en opwekke foar dit underwerp.	
Sprekkers en titel bydrage	Frits Loomeijer, Ad Leerintveld, Peter Tolsma en Rob Leemans, Marloes Kraan, Hans Zijlstra en Barbara Holierhoek.	
Opkomst (tal leden en oare gasten)	100	
Gearfetting (maksimaal ½ A4)		
<p>Op sneon 19 jannewaris 2019 iepenen foarsitter Rob Leemans en deifoarsitter Peter Tolsma it jierlikse symposium fan de Wurkgroep Maritime Skiednis fan de Fryske Akademy. Dit jier wie der keazen foar it tema tradisjonele fiskerij. Dat dit in ûnderwerp is dat libbet by de maritym ynteressearren yn Fryslân blykte wol út de opkomst. De seal siet mei likernôch 100 belangstellenden bomfol. Earste sprekker wie Frits Loomeijer. Frits Loomeijer is freelance ûntwikkeler maritime kultuer en âld direkteur fan it maritym museum Rotterdam. Hy pleitte foar in nij klassifikaasje systeem fan silende fiskerskippen. Dit kin út in multiydissipliner ûndersyk út ferskillende boarnen lykas fysike skippen /wrakken, modellen, ôfbyldingen en it minsklik unthâld gearstald wurde. De basis fan dizze klassifikaasje moat bestean út de konstruksje fan it skip, de manier fan fisken, de omstannichheden en de moade / tiid. Dêrnei fertelde Ad Leerintveld, ald-konservator by de Keninklike Biblioteek oer it Fiskboek fan Adriaan Coenen út 1579. Yn dit boek beskriuwt de fiskhanneler út Skeveningen in soad ferskillende ytberre en onytberre fisken dy troch Nederlânske fiskers fongen waarden . Njonken dizze beskriuwingen befettet it boek prachtige ôfbyldingen fan dizze fisken. Rob Leemans en Peter Tolsma fertelden oer de ferskillende fisktechnyken. Grou sein falle dizze te ferdiele yn twa kategoryen geand want (aktyf) en steand want (passyf). Yn de kategory geand want fine wy driuw-, kul-, kor-, sleep-, botnet en moardkule. Hjir wurde ûnder oare hjerring, ansjofisk, platfisk en garnalen mei fongen. Yn de kategory steand want wurdt fiske mei steand botnet, hoekwant en fuken. Mei dizze techniken wurde ûnder oare iel, kreeft en krab fongen. Fan wanten witten is dus in siswize dat foartkomt út de fiskerij. Marloes Kraan fan de Universiteit Wageningen fertelde oer har ûndersyk nei fiskersmienskippen. Fiskersmienskippen kist op ferskillende wizen bestudearje. Der binne in oantal punten dyst by skippersmienskippen wrâldwiid werom fynst.. Dat giet dan om in gefoel fan ienigens, gefoel fan autonomy, frijheid fan de see en in berop dat faak oer jûn wurdt fan heit op soan dat diel utmakket fan de identiteit fan dizze minsken. Oan de oare kant der is it bewustweze fan de risiko's fan it berop en de gefaren op see. Dit makket faak ek dat dizze mienskippen religieus binne en op de ruge see wissichheid sykje by in god. Hans Zijlstra fertelde oer de rampen op de fiskersfloat yn it bysûnder dy fan Paezens-Moddergat en Wierum yn 1883 en 1893. By de fiskersramp fan Moddergat kamen 83 fiskers om it libben en dy fan Wierum 22. Fiskersfroulju wiene faak selsstandige froulju dy't harren nuttich makken troch pieren te stekke. Letter wurken dizze froulju ek yn Dútslân wêr sy goed ferstsjinnen. Barbara Holierhoek fertelde oer de fiskerij hjoed te dei. Op dit momint binne der bygelyks 60 mokselkwekers, 18 oestersikers, 2 pierenstekkers, 31 kokkelsikers en 89 garnalenfiskers aktyf. De bedriuwstak hinget in oantal risiko's boppe de holle lykas de Brexit, gebieten om</p>		

Mal foar it oanleverjen fan jierferslachgegevens oangeande wurkferbannen fan de Fryske Akademy

<p>wynmulenparken wêr net fiske wurde mei, sanwinning, de takomst fan de pulskfiskerij en strangere natuerwetjouwing. Tidens de containerramp hawwe de vissers in soad goeds foar de natuer dwaan kinnen, mar ek dit hat har wurksomheden tydlik net makliker op makke. Al mei al in nijsgjirrich en mearsidich programma dat ôfsletten waard mei in buorrel oanbean troch Tresoar.</p>		
<p>Publikaasjes (ynklusyf boek-presintaasjes)</p>		
Datum	17 maart 2019	
Namme tiidskrift of útjouwerij	https://www.fryske-akademy.nl/fileadmin/inhoud/beelden/homepage/Kennis/Utjeften/Downloads/Scheepsboek-totaal_definitief_maart_2019_10.0.pdf	
Auteur:	Peter van der Meer, Jan de Vries, Hanno Brand, Jelle Jan Koopmans, Pieter Visser, Johan Holstein	
Titel fan de publikaasje: Skipsboek Hempenius		
Tal siden	3.	266
Koarte omskriuwing thematyk doel publikaasje	<p>Frijwilligers fan us Wurkgroep Maritime Skiednis hawwe de ôfrûne jierren hurd wurke oan in transkripsje fan it unike skipsboek, dat in skat oan ynformaasje befettet oer it maritime ferline fan de Fryske havenstêd. Stedssekretaris Johannes Hempenius hold fan 1715 oant en mei 1718 in administraasje by fan de troch him útjûn skipspapieren. Hy die dit yn it gebou wêr tsjintwurdich Museum Hylpen is fêstige; in jûn dat de presintaasje ekstra spesjaal makke.</p> <p>It skipsboek bestiet út meunsterrollen wêryn it skip en de bemanning fan de fluit- en smakskippen beskreaun wurde. Ut dizze ynformaasje is op te meitsjen, mei hokker skippen farre waard, wa de bemanning wie en wat foar funksjes sy hiene en hokker Bestimmungen yn dizze perioade oandien waarden.</p> <p>Njonken meunsterrollen bestiet it skipsboek út rederssedullen. Dizze rederssedullen jouwe ús wichtige en unike ynformaasje oer de Frysk- Hollânske partenrederij. ûnder de reders fan Hylper skippen wiene tige rike en nijsgjirrige figueren lykas: Joachim Rendorp, Cornelis Calcoen, Andrys Piters fan Starum. Willem Bredero en Pieter Six.</p>	
Datum	10 augustus 2019	
Namme tiidskrift of útjouwerij Jaarboek Fries Scheepvaartmuseum 2018		
Auteur: Ad Leerintveld, Peter Tolsma en Rob Leemans, Hans Zijlstra en Marloes Kraan.		
Titel fan de publikaasje: Symposium Traditsjonele Fiskerij		
Tal siden	1.	26
Koarte omskriuwing thematyk doel publikaasje	<p>Artikelen fan de bydrages op it symposium. It Fiskboek fan Adriaan Coenen, Fisktechnyk, Skipsrampen Wierum en Moddergat en Fiskersgemienskippen.</p>	